

50 Jier nammekunde op de FA

W.T. Beetstra en J.A. Mol

Foarskiednis

De beoefening fan de nammekunde – de wittenskip dy't har dwaande hâldt mei de stúdzje fan eigennammen – hie yn Fryslân al lang foar de oprjochting fan de Fryske Akademy in wittenskiplike tradysje. De oanset waard yn 1898 jûn troch Johan Winkler mei syn *Friesche naamlijst*, in wurk dat beide subdissiplines fan de nammekunde, te witten de antroponymy (persoans- en skaainammen) en toponymy (plak-, fjild-, wetter-, en dyksnammen), bestriek. In jier letter kaam F. Buitenrust Hettema syn *Friese plaatsnamen út*, as fjirde diel fan de *Nomina Geographica Neerlandica*.

Winkler en Buitenrust Hettema harren wurk hat net fuortendaliks in ferfolch hân. De trie waard earst wer yn de tweintiger en tritiger jierren opnommen troch Brouwer, Sipma, Postma en oaren. De earste twa stelden har fragen út de taalkunde wei: foar har telde dat nammen faak de âldst oerlevere taal útmeitsje en dus yn har lûd- en foarmferrin de âldste taalskiednis jouwe. Postma syn belangstelling gou mear de (plak)nammen as boarne foar de stúdzje fan de lânbou- en delsettings-skiednis; begryplik, om't der foar Fryslân syn iere tiid mar in lyts bytsje skriftlik materiaal oerlevere is. De nammekundige bydragen fan Postma yn *De Friesche kleihoeve* wienen tige stimulearjend. Dat kin lyksa fan de publikaasje fan 'e Aldfryske oarkonden troch Sipma sein wurde. Dy makke ommers in soad âlde nammen foar ûndersyk tagonklik.

Nammekunde yn Akademyferbân

It lei yn 'e reden dat nei it oprjochtsjen fan de Fryske Akademy al yn de earste jiergong fan it tydskrift *It Beaken* troch Sipma en Postma omtinken oan de nammekunde jûn waard. Sy en oare pioniers fan de Akademy beskôgen eigennammen as sa wêzentlik foar de identiteit fan lân en mienskip, dat sy se, om samar te sizzen, foaroan op 'e list setten fan wat wittenskiplik foar it Fryske folk taljochte wurde moast. Yn de folgjende jiergongen fan *It Beaken* waarden mear bydragen oer toponimen opnommen.

Al rillegau wurdt dan besocht it ideaal fan de Akademy as wurkmienskip fan beropswittenskippers en amateurs stal te jaan. Der wurde sneupers ynskeakele. Yn 1941 docht M. Wiegiersma, yn it ramt fan syn geakunde-projekt in oprop om yn alle gritenijen korrespondinten te krijen foar it sammeljen fan toponimen. Hy freget har om op topografyske kaarten, skaal 1 : 25.000, de nammen fan lannen, wetters ensfh. oan te tekenjen. Hoewol't in stik of fiif minsken fol faasje mei dat projekt útein sette, stûket it wurk troch de oarlochsomstannichheden.

Net allinnich yn *It Beaken* mar ek yn it *Frysk Jierboek*, sûnt 1941 in útjefte fan de Akademy, ferskine nammekundige stúdzjes. In belangrike bydrage leveret J.H.

Brouwer yn it *Fryske Jierboek* 1946 oer âlde Fryske persoansnammen, in artikel dat al yn 1944 skreaun wie. Hy is it ek dy't yn 1948 P. Jörgensen út Kopenhagen nei Ljouwert hellet foar in rige lêzingen oer Noardfryske toponymy.

It Toponymysk Wurkferbân

Yn 1949, wannear't troch de Akademy J.J. Kalma syn beide dielen *Fryske plaknammen* útjûn wurde, wurdt by it Taalkundich Wurkferbân in toponymyske ôfdieling oprjochte. It oare jiers wurdt dy ôfdieling in selsstannich wurkferbân. Prof. J.H. Brouwer dy't de stjit dêrta jûn hie, wurdt de earste foarsitter, J.J. Spahr van der Hoek krijt de funksje fan skriuwer. De lêste wie yn april 1949, noch foar de oprjochting fan it wurkferbân, yn it ramt fan syn skiedskriuwing fan de 'Friesche Maatschappij van Landbouw', in nammesammelaksje ûnder de leden fan de Friesche Mij begûn. Troch lêsbere stikjes yn it Lânboûblêd, it ynskeakeljen fan de ôfdielingen en persoanlike oantrún slagge it him om gâns meiwurkers te krijen. It wurkferbân koe der letter de fruchten fan ploaitsje en dêrop fuortbouwe. Alle nammen waarden op systeemkaartsjes fêstlein. Dêrfan sil it tal op dit stuit net fier fan de 50.000 ôflizze, foar in part 'opheind' út 'e folksmûle, foar it grutste part sammele út argivalia.

Alle winterskoften waarden der frijwol alle moannen ien of twa ynlidingen holden. Oant april 1952 wie 't op dy wize al ta in tal fan 25 gearkomsten kommen. Dêrby kaam dan alle jierren in ekskurzje. De measte lêzingen krigen in plak yn de fiif dielen *Fryske Plaknammen* dy't yn dy jierren ferskynd binne. Under de auteurs dy't oan de dielen meiwurken, wienen ek inkelde bûtenlanners. De meast produktive skriuwer en tagelyk ek de driuwende krêft yn de earste twa jierren, wie sûnder mis ds. J.J. Kalma. Bûten alle bydragen yn de earste twa dielen en ûnderskate yn de folgjende, binne ek gâns systeemkaartsjes fan syn hân. Spitigernôch hâlde hy der yn 1952 mei op.

Bloeiitiid

Ek al hat it wurkferbân tusken 1952 en 1955 gjin gearkomsten hâlden, de fyftiger jierren kinne foar de beoefening fan de Fryske nammekunde as in bloeiitiid beskôge wurde. Dat docht wol bliken út it tal publikaasjes. Tolve dielen *Fryske Plaknammen* seagen it ljocht, gâns nammekundich materiaal waard yn de Ensyklopedy fan Fryslân ferarbeide, en de toponymyske dokumintaasje koe tige útwreide wurde. Fierder waarden der yn de jierren 1954-1957 ferskillende Nammekundedagen hâlden dêr't minsken út ferskate streken byelkoar kamen. Sa waard yn 1954 yn Leer troch de Ostfriesische Landschaft sa'n dei organisearre mei û.o. prof. Brouwer as sprekker. It oare jiers wie Grins oan bar, wylst it Nammekundich Wurkferbân sa'n dei yn 1956 yn Olterterp op priemmen sette. De lêste stúdzjedei yn de rige fûn plak yn 1957 yn it 'Trippenhuys' te Amsterdam, ûnder auspysjes fan de Koninklijke Nederlandse Academie van Wetenschappen.

Yn 1959 krige de nammekunde omtinken op it twadde Fryske filologiekongres. Fan dat jier ôf waard it sels alle kearen in fêst ûnderdiel. Der kamen dan ek plak-namme-persoansnammen fan (eardere) Fryske kontreien bûten ús provinsje oan 'e oarder. De lêzingen krigen in plak yn 'e rige *Philologia Frisica*.

Belang fan de toponymy

Yn dit earste desennium lei de klam yn haadsaak op de toponymy. Der wie oars wol belangstelling foar de antroponymy, benammen nei 1952 doe't it boek van De Vries oer de Fryske persoansnammen útkaam. De namme fan it wurkferbân waard dêrom yn 1955 feroare fan Toponymysk yn Nammekundich Wurkferbân. Dochs hâlde de toponymy de measte beoefeners.

Al yn ien fan de earste lêzingen joech prof. Brouwer de wearde fan de toponymy foar de filology oan. Hy wiisde dêrby ú.o. op it belang foar de dialektstúdzje, net allinnich foar Westerlauwersk Fryslân mar likegoed foar it eardere Fryske taalgebiet. S.J. van der Molen hat yn dy snuorje de wearde fan de toponymy foar de folkskunde útlein. Dat de stúdzje fan de nammekunde fierders foar de skiednis fan it plattelân wichtich wêze kin, folge út in lêzing fan B.H. Slicher van Bath yn 1956 oer de lânbou- en delsettingsskiednis (oer dat lêste ûnderwerp spriek ek prof. D.P. Blok in hiel skoft letter, nammentlik yn 1977). Meint Wiegersma en oaren lieten yn guon lêzingen útkomme dat de toponymy gâns ynljochtings oer de begroeiing en de tastân fan de grûn jaan kin.

De sechstiger jierren

Yn de rin fan de sechstiger jierren waarden de aktiviteiten fan it wurkferbân minder yntinsyf. Dat docht bliken út it feit dat it wurkferbân tusken 1964 en 1972 gjin inkelde kear in gearkomste hie. Foar dy malêze kinne twa oarsaken oanwiisd wurde. Yn it foarste plak lutsen de inisjatyfnimmers en driuwende krêften fan de earste oere har yn dy tiid werom. Prof. Brouwer bygelyks, naam yn 1965 ôfskie as Akademydirekteur en tagelyk as foarsitter fan it wurkferbân. Dr. H.T.J. Miedema dy't him yn dy funksje opfolgje soe, krige in beneaming as heechlearaar te Utert en moast dêrtroch fan it foarsitterskip ôfsjen. De twadde oarsaak is dêrmei teffens oanjûn: de nammekunde hie ynstitúsjoneel noch gjin fêst plak krigen. Alles dreau op sneupers en saakkundigen fan bûten. Allinne Spahr van der Hoek hie oan 'e Akademy in lyts bytsje tiid foar dokumintaasje en stúdzje. Troch syn tadwaan koene noch in pear ôfleveringen fan *Fryske Plaknammen* ferskine en waard der yn in stikmannich geakundige stúdzjes nammekundich materiaal ferarbeide. De gearkomsten kamen lykwols net mear fan 'e grûn. Yn 1971 besocht Spahr, dêrby oantrune troch W.T. Beetstra, de boel wer op 'e gleeed te bringen mar it bleau by ien gearkomste yn 1972.

It Nammekundich Wurkferbân sûnt 1975

Nei trije jier set it sliepende wurkferbân yn 1975, troch meiwurking fan de dialektekommisje en op oanstean fan Miedema en Ph.H. Breuker, fannijs mei opteinens útein. De earstneamde waard foarsitter, en Breuker, dy't in oanstelling op de Akademy krige, de warbere skriuwer. De ôfstân Utert-Ljouwert fielde Miedema al gau as in grut beswier en sa waard N. Århammar, heechlearaar yn Grins, ree fûn om it foarsitterskip oer te nimmen.

As hichtepunten út it lêste tiidrek neame wy de lêzingen fan prof. H.T. Waterbolk en prof. D.P. Blok oer it kontinuïteitsfraachstik yn Noard-Nederlân (1977), fan prof. J.A. Huisman oer de taal of talen op de plaknammebuorden yn twatalige gebieten (1983) en fan prof. F.J. Ormeling oer de taal fan de eksonimen yn it

(media)gebrûk en op kaarten yn West-Europa (1987). De ekskurzjes wurde ek ferfette. Yn dit tiidrek falt ek it ôfskie fan Spahr (1980).

It sammeljen fan toponimen en de bestudearring dêrfan wie ûnder lieding fan Spahr yntusken wol hieltyd trochgien. Dat barde û.o. om de Nammejouwings-kommisje materiaal foar de fundearring fan har advizen te jaan. Apart dêrfan wienen ek yndividuele leden fan it wurkferbân op dat mêd yn har eigen streek aktyf. Wy neame hjir it garjen en lokalisearjen fan yn 'e folksmûle hústrieme toponimen yn Warten en ek fan dy yn Lippenhuzen en omkriten, ûnder lieding fan E. Huisman.

Mei de nammekundige ôfdieling fan it P.J. Meertens-Ynstitút yn Amsterdam ûntstiene geregelde kontakten. Fan wjerskanten wurdt geregeld gebrûk makke fan elkoars dokumintaasjesystemen.

It oanstellen fan in nammekundige, dêr't it wurkferbân al lang op oanstien hie, koe begjin 1986 yn safier realisearre wurde, dat de histoarikus J.A. Mol de helte fan syn tiid foar nammekunde beskikber krige. Hy naam yn de rin fan 1986 it skriuwerskip fan it wurkferbân oer fan W. Visser. De plannen dy't fan dy tiid ôf ûntwikkele binne, rjochtsje har, neist it sammeljen fan yn de folksmûle noch bekende toponimen – soks moat dien wurde om't it lânskip hurd feroaret en de kennis fan nammen ûnder de minsken sterk ôfnimt –, benammen op it lokalisearjen fan toponimen. Foar dat doel û.o. wurdt mei help fan frijwilligers foar hiel Fryslân neffens gritenij in *Prekadastrale Atlas* makke, mei dêryn de begrinzing en sprieding fan de pleatsen om 1700 en 1640 hinne. De earste dielen ferskine yn dit jubileumjier.

Publikaasjes

Op dit plak wolle wy efkes stilstean by de nammekundige publikaasjes, dêr't de Fryske Akademy en har Nammekundich Wurkferbân direkt of yndirekt mei anneks wienen. Wy neamden al de earste nammekundige artikels yn *It Beaken* en de útjefte yn 1952 fan it boek (postúm) *Friese persoonsnammen* fan W. de Vries. Fan tige grut belang wienen fierder P. Sipma syn trije dielen *Fryske Nammekunde*. It earste diel ferskynde lyksa yn 1952. Yn in lange rige fan boeken oer geakunde en gritenijskiednissen waard de toponymy net fergetten. Sa ek yn gelegenheids- en earebondels.

Troch it wurkferbân binne oant 1972 yn totaal 14 dielen *Fryske Plaknammen* útjûn (folgjende op de twa dielen fan J.J. Kalma). Fan 1978 ôf waard de rige fuortset ûnder de namme *Fryske Nammen*. Bedoeling wie – en is – dêr net allinnich bondele stúdzjes mar ek monografyen yn op te nimmen. Diel twa bygelyks, fan de hân fan Ph.H. Breuker, is in folsleine ynventarisasaasje fan alle toponimen fan it doarp Boazum, nei Flaamsk model. In bysûnder karakter hat útjefte sân, Beetstra syn *Toponimen en toponimyske eleminten yn Fryslân* (1987): in wiidweidige bibliografy fan toponimen en toponimyske eleminten.

Bûten Fryslân waard nei de oarloch ek gauris omtinken jûn oan de nammekundige publikaasjes fan de Fryske Akademy. Wy neame hjir de tydskriften *Naamkunde*, *Leuvense bijdragen* en *Onoma*.

Nammejouwing

Oan 'e ein noch it ien en oar oer de nammejouwing, dy't as in beskate tapassing fan nammekundige kennis beskôge wurde kin. Al gau nei de oprjochting fan it

wurkferbân waard dat om advys by it jaan fan nammen frege. Dat hie as gefolch dat op 10 maaie 1950 in Nammejouwingskommisje ynsteld waard, besteande út de hearen Santema, Van der Molen, Spahr van der Hoek en Kalma. De komisje moast op ferantwurde wize rie jaan by it beneamen fan strjitten, (wetter)wegen, (fyts)paden, fiadukten ensfh., as de provinsjale- en gemeentlike bestjoeren dêr om fregen. Sy moast dêrby fansels rekken hâlde mei de pleatslike omstannichheden. It toponime-apparaat en de bewurke topografyske kaarten wienen nuttige helpmiddels. De gemeente Barradiel wie de earste dy't har oppenarre. Neist oerheidsynstânsjes profitearren ek wetterskippen, skoallen, sike- en rêsthuzen, en ek gâns partikulieren fan 'e tsjinsten fan 'e komisje. Dat wurk hat yn 'e sechstiger en santiger jierren mei al har doarps- en stedsútwreidingen, ruilferkavelingen, ensfh. net stillein.

De komisje hat fierder û.o. sûnt 1975 bydragen levere oan it ta stân kommen fan de *Twatalige kaart fan Fryslân*, sawol fóar as nei de weryndieling. Itselde kin sein wurde fan *Fryske Foarnammen*, in hânsum boekje dêr't op gemeentesiktarijen en by partikulieren ferlet fan wie.

As wichtige taak falt noch te neamen it advisearjen by it ferfryskjen fan plak-, dyk-, en strjitnammen op kaarten en buorden (dat lêste wurket oars wer troch by de nije printingen fan de kaarten by de Topografyske Tsjinst yn Emmen). Idaarde-radiel wie de earste gemeente dy't in fersyk dêrta yntsjinne. Yn 1978 hat de komisje by de gemeenten ynformearre nei de twataligens fan de plaknammebuorden. Fan de kant fan de Ljouwerter P.T.T. kaam it fersyk om in list mei de Fryske nammen fan doarpen en buorskippen yn dizze krite. Fierder waard de komisje frege om meiwurking by it gearstallen fan in list mei Fryske en Hollânske plaknammen foar it Frysk wurdboek. Dat barde yn it jier dat de nije stavering ynfierd waard (1980). Yn datselde jier fregen Deputearre Steaten advys foar nije gemeentenammen, mei it each op de weryndieling. It die letter bliken dat minister H. Wiegel (Ynlânske Saken) oer itselde ûnderwerp advys fan de 'Commissie voor Naamkunde en Nederzettingsgeschiedenis' fan it P.J. Meertensinstituut voor Dialectologie en Naamkunde frege hie. Dy komisje woe út op Nederlânske foarmen. (De nammen koenen nei in jier noch troch de gemeenten feroare wurde.) Troch korrespondinsje mei de oanbelangjende ynstânsjes is ôfpraat, dat, as it wer om soksoarte nammen yn Fryslân giet, de minister him ta de Nammejouwingskommisje rjochtsje moat. Mocht de minister de eardere proseduere folgje wolle, dan sil de boppeneamde ynstânsje yn Amsterdam de advysoanfraach oan de Nammejouwingskommisje trochspylje.

Wat ta beslút de wurkwise by it jaan fan Fryske dyk- en strjitnammen oanbelanget, de Nammejouwingskommisje hat yn 'e mande mei de wurdboekstêf en yn oerlis mei de measte gemeenten ûnderskate listen gearstald dy't njonken de Nederlânske strjitnammen ek de Fryske ekwivalinten befetsje (û.o. mei it each op mooglike Fryske adressearring op girokaarten). Al mei al net sok spektakulêr wurk, mar dochs fan direkt maatskiplik nut.